




KLEURPLAAT 

STIKELBARCHJES

SEPTEMBER



Baby-stikelbarchjes bliuwe sa'n 4 oant 6 wiken by har mem. Earst drinke se molke en dêrnei kinne se sels-stannich iten fine. De baby's bliuwe byinoar yn it nêst en de mem siket in oar plakje.

As stikelbarchjes sa let yn it seizoen berne wurde, kin it wêze dat se noch te lyts binne en net genôch fetreserves opboud hawwe foar in wintersliep.

Ast in lytse meagere stikelbaarch sjochst, miskien sels oerdeis, dan kinst better even de Egelbescherming belje 06-18819576.

Fierder kinst alfêst helpe troch de stikelbaarch yn in doaze te lizzen op in handoek mei in (net te waarme) krûk. Set der in stevich bakje wetter by en jou him kittenbrokjes mei hinsmaak.

Binnen meist in stikelbaarch ek wiet iten jaan. Bûten kinst dit better net dwaan, oars kinne miggen aikes lizze yn it iten.



Leverje dyn eigen stikelbaarchkleurplaat-ûntwerp yn foar yn it "Creatieve Egeltjes" kleurboek www.gewoonleukcreatief.nl



 **de Klyster**

